




*len twa trije,
ús katsje hjit Marije,
ús hûntsje wol ús katsje bite
en mem wol dat net lije.*

*Trije fjouwer fiif,
ús skiep hat pine yn 't liif,
ús geitsje moat ôfgryslík laitsje
en set syn poatsjes stiif.*



*Fiif seis sân,
ús barchje rint yn 't lân,
ús feintsje komt mei moallenbrij
en jirpels yn syn hân.*



*Sân acht njoggen,
ús mûs sit yn 'e rogge,
ús katsje sit him efternei
as alle katsjes dogge.*

*Acht njoggen tsien,
't is mei dit ferske dien,
en al wa't dat net aardich fynt
begjint mar wer by ien.*

